

*In man en syn eilân.*



(ferfolch fan side 1)

seit skipper H. Scholtens, dy't it trouwens folslein mei de aksje Toxopeus iens is. By de kofje fertelt er lilkich dat op Tessel miljoenen gûnen útlutsen is foar it ferstevigjen fan in rige dunen by in kemping. ,,Dêr kin alles, en hjir wurdt in hiel eilân opoffere omdat twaënheale ton tefolle is.''

## Utopy

Oanlieding foar de besetting is it plan fan Rykswettersteat om it eilân oan 'e see oer te litten. Net út besuniging, Rottumereach en omkriten kosten oan no ta mar twaënheale ton yn 't jier. Feroarjende opfettings oer natoerbehâld en kustferdigening binne de foarnaamste reden.
Earder waard oannommen dat it yn stân hâlden fan de eilantsjes Rottumereach en it, tsjintwurdich helte gruttere, Rottumerplaat wichtich wienen foar de kustferdigening. As foarútskode posten yn 'e striid tsjin 'e see. Mar fan dat stânpunt binne hja nei wettersteatkundich ûndersyk ôfstapt.
H. Nijdam, haad fan Rykswettersteat yn Grinslân leit út dat allinnich by de eilannen Rottumereach en Rottumerplaat de mooglikheid bestiet om wat te eksperimintearjen. Mei de oaren moat folle foarsichtiger omsprongen wurde. Fanwegen ekonomyske belangen. En dêr wenje by einsluten àl minsken op.
De ekologyske wearde fan it Eastlik Waadgebiet hoecht neffens Rykswettersteat ek net te lijen ûnder in minder bemuoisuchtich belied. Der kinne sels hele nijsgjirrige saken ûntstean.
Dêroerhinne is Nijdam derfan oertsjûge dat de eilannen op 'en doer dochs net behâlden wurde kin. ,,It is in folsleine utopy om dat te tinken. Of moatst der miljoenen tsjinoan smite en it hele eilân mei beton ferankerje''. Soks is op it fiif kilometer fierderop lizzende Borkum wol dien. Mar dat is dan ek in mondêne fakânsjeoarde. De hotels rize as in stienpûst op út 'e Waadsee.

## Blokkedoaze

Mar neffens Hindrik en Janny Toxopeus kin Rottumereach net samar oan 'e grillen fan 'e see oer litten wurde. En dat net allinnich omdat hy dêr hikke en tein is. ,,Wy sizze: jonges, dit leit der noch, litte wy dat bewarje'', seit Toxopeus. ,,In eilân is pas in eilân as der dunen binne. Dy jouwe wer beskerming foar fûgels.'' En it oanlizzen fan dunen is foar in grut part minskewurk.
Toxopeus wol de yndruk net jaan dat syn aksje út behâldsucht en nostalgy fuort komt. Hy wit ek wol dat de logika 'Mear fûgels = mear natuer = better' net opgiet. Dêrom jout er syn ferhaal in miljeu-edukative draai: As alle jierren in keppel frijwilligers op Rottumereach yn it spier is, ûntstiet in bân tusken it Nederlânske folk en it Waad. Neffens Toxopeus makket dat syn eilân weardefol genôch om it te bewarjen.
Alle jierren dogge de Toxopeussen mei har sylskip it eilân ien of twa kear klandistyn oan. Hja bretten al langer op aksje. Omdat takom hjerst de minister in beslút nimme moat, wie it no de lêste gelegenheid foar in besettingsaksje. Want oer in pear wiken briede de fûgels wer.
In pear dagen fan te foaren waard in befreone redakteur fan 'e Telegraaf ynljochte. Dy stapte de tongerdeitejûns yn Delfsyl oan board fan it syljacht de Amazone. Nei in tuskenlanning op it Dútske eilân Borkum waard freedtemoarns de flagge op it iennichste Grinslanner eilân plante.
It kreakjen fan syn eardere wenhûs wie foar Hindrik Toxopeus net sa'n dreech kerwei. Hy wist ommers dat de kaai ûnder 'e doarmatte lei. De âlde Toxopeus gie yn 1965 mei pinsjoen en ferfear mei syn gesin nei de fêste wâl. Hindrik wie doe 21 jier. Sels waard hy seeman. Sûnt dy tiid wurdt it hûs brûkt troch de mannen fan Rykswettersteat as dy foar wurksumheden op it eilân bivakkearje moatte.
It hûs is net in soad moais oan, trouwens. Goed besjoen bedjêrt de blokkedoaze in protte oan it eilantsje. Foar de meireizge fotograaf fan in lanlik wykblêd in fikse ôfknapper. Dy hie hope op in pittoresk húske dêr't dramatyske en nostalgyske plaatsjes fan te sjitten wienen. It rojale hûs is neat Robinson Crusoe- eftichs oan. Wetter sit yn 'e reinwetterbak en fan Radio Noord hawwe hja beskikking krigen oer in autotelefoan. De teevee ûntbrekt der noch mar oan. Echt ôfsjen is der net by.

## Kuierjend eilân

Dat wie eartiids al oars. De pake fan Hindrik Toxopeus kaam yn 1908 as fâd op Rottumereach te wenjen. Tusken 1908 en 1965 moast fjouwer kear ferhuze wurde, sa'n fiifhûndert meter per kear. Omdat de see te ticht by it hûs kaam.
Want it eilân is altyd yn beweging, it kuieret fan west nei east. Of better: fan west nei súdeast. Want oan 'e eastkant lizze de slinken fan 'e Eems, in barrière dy't nea nommen wurde sil.
De foarfaars fan Toxopeus hienen as fâd taak om dy kuier yn goede banen te lieden. Oan 'e lijkant waarden stodiken oanlein dy't letter útgroeie moasten ta dunen. In berop dat liket op it sprekwurdlike wetter nei de see dragen.
It wie in isolearre bestean. Heit wie neist strânfâd tagelyk boer, plysjeman en dokter. De bern krigen thús les fan in ynkwartiere skoalmaster. ,,Mar wy hienen al in echt skoallokaal. Om healwei njoggenen gie de skoalbel en yn it skoft mochten wy op in echt skoalplein boartsje'', fertelt Toxopeus. Ut alle macht waard tsjingien dat de bern yn it wyld opgroeie soenen. Syn suster hat dêr in boek oer skreaun: 'Ik ben van Rottum'.
Thús yn Delfsyl bewarret Hindrik de deiboeken fan syn heit en fan syn pake.

## Podden fuort

Hindrik en Janny Toxopeus reagearje suver meganysk op 'e besite. Sy begjint fuortendaliks kofje te setten, hy stoppet de piip en jout syn safolste parsekonferinsje yn it tuorke boppenop it hûs.
,,No, dit is Rottumereach.'' Ut it tuorke wei wurdt pas dúdlik hoe lyts it eilantsje is. Ien, twa rigen dunen, fan in meter as sân heech, wat fûgeltsjelân en in strân. By tige heech wetter bliuwt der net folle oars oer as de krunen fan 'e dunen en it hûs.
,,Ien kear hawwe wy it wetter yn 'e hûs hân'', fertelt Toxopeus noch oer syn bernejierren.
Oan 'e kym is it Grinzer fêste lân te sjen. In oranje flamke ferriedt it plak dêr't de Noardgas-piipline oan wâl komt. Yn it easten leit Borkum, fierders is der oars net te sjen as natoergebiet.
Toxopeus wiist mei in spitich gesicht it plak oan dêr't hja earder tún hienen. No alhiel oergroeid mei wylgeboskjes. Dy sille nea heger wurde. As hja de kop boppe de dunen útstekke, wurde se sânstrield. De swietwetterdobben, dêr't it fee eartiids boarnd waard, binne tichtstood. Dat de podden, dy't foarhine yn mannichten op it eilân húsmannen, binne ferdwûn.

## Underfining kontra yngenieurs

Syn ferbliuw fan twa wiken op it eilân brûkt Toxopeus om de stân fan 'e striid tusken see en eilân op te nimmen. De gegevens dy't Rykswettersteat grif wol hat, fertrout er mar heal. ,,Dy hawwe as útgongspunt it ferdigenjen tsjin 'e see.'' Wylst neffens Toxopeus gewoan wat mei sân boarte wurde moat. Hjir der wat ôf, dêr wer wat der by.
Op grûn fan wat er no sjocht en fan de praktykûnderfining fan syn foarfaars, konkludearret Toxopeus dat Rykswettersteat de saken folslein ferkeard oanpakt hat. ,,Sjoch, dêr oan 'e westkant ha se mei betonmatten en strykdammen besocht om de ôfslach tsjin te gean. Mar se hawwe neilitten om de oangroei fan nije dunen yn it súdeasten te befoarderjen. De jongsten binne noch troch myn heit makke. Yn tritich jier is Rottumereach de helte lytser wurden.''
Toxopeus ûnderstreket syn skepsis foar de wittenskippers oer: ,,Ferline jier ha hjir in stikmannich biologen west. Dy hawwe it oantal soarten eamelders teld, dat hjir omkrûpt. No haw ik útsoarte in hekel oan dy bisten. Mar wat hat soks foar sin, as se dochs fan plan binne om it eilân yn 'e see ferdwine te litten?''
Hy wiist op de Suderdúntsjes, in tin strypke droech lân besuden Rottumereach. Dy lizze dêr as skrikbyld foar de takomst fan it eilân. ,,Doe't ik lyts wie, wie dat noch like grut as Rottumereach no.'' Yn it westen leit Rottumerplaat. Dy eardere sânplaat is mei keunst en fleanwurk de ôfrûne fjirtich jier wòl groeid.

## Frijwilligers

De gelearden binne it der net oer iens hoe lang Rottumereach it rêde sil sûnder of mei help fan minsken. Mar Toxopeus is der fan oertsjûge dat it gau beslikke wêze sil. Dêrom is er in alternatyf plan oan it meitsjen. It plan Toxopeus bestiet derút dat de groei yn Súdeastlike rjochting befoardere wurdt. Der moat wer helm plante wurde lykas eartiids. ,,Dan kinne wy noch wol hûndert, hûnderfyftich jier fan Rottumereach genietsje'', is syn oertsjûging.
Troch frijwilligers yn stee fan profs yn te skeakeljen, krijt Rottumereach in miljeu-edukative wearde. In plak dêr't de lju begryp foar de natoer bybrocht wurdt. Oft Toxopeus sels dan de koördinator wurde wol?
,,As se oars gjinien fine kinne, dan miskien wol'', seit er foarsichtich. Want lykas sein, hy is deabenaud om de yndruk te jaan dat er foar syn eigen hachje mei dizze aksje útein set is.

## 'Rottumereach moat miljeu-edukatyf projekt wurde

# De suksesfolle besetting fan in eilân

**De besetting fan Rottumereach troch de soan fan 'e eardere fâd fan it eilân en syn frou hat in boppeslach west. De belangstelling fan 'e lanlike media wie oerfloedich. Mei dêrtroch koe minister Maij fan Ferkear en Wettersteat it net meitsje en stjoer de plysje der op ôf. Se sei sels in petear oer de takomst fan it miny-eilân ta.**
**Neffens in plan fan Rykswettersteat, moat de mins syn hannen fan Rottumereach ôfhelje en it oan de natuer oerlitte. Itselde jildt foar Rottumerplaat. De Toxopeussen binne dwaande om in alternatyf behearsplan te meitsjen. Mei it ynsetten fan frijwilligers kinne neffens de aksjefierders twa miggen yn ien klap fongen wurde: it libben fan it eilân wurdt rutsen en it krijt dêr oerhinne in miljeu-edukative wearde.**
**In ferbliuw fan twa wiken - krekt ien tijsyklus - achten de Toxopeussen needsaaklik om in goed byld fan 'e sitewaasje te krijen. As alles meiwierret sile hja freed wer ôf. Dan is it eilân wer foar de kninen en de fûgels . . .**

JOHAN OPPEWAL
FOTO'S: JOKE HIEMSTRA

Nijs út it waadgebiet stiet altyd boarch foar rom omtinken. Hokke sjoernalist wol net op kosten fan 'e baas in dei nei in eilân ta? ,,Safolle parse hiene wy net op rekkene'', seit Hindrik Toxopeus dan ek, as er de safolste boatlading fol opwachtet. It hele Nederlânske omropbestel hat him al foar de kamera sleept.
Sûnt hy en syn frou Janny op Goedfreed it eilantsje Rottumereach besetten, hat it dêr drokker west as ea earder. Gewoanlik libje der allinnich bisten op it 300 hektare grutte eilân. In stik as 130 kninen, wit Toxopeus. ,,Foar de lêste myksomatoazegoarre, teminsten.'' Minsken meie der net komme. Al sille betûfte jutters it paad wol witte te finen. En gjinien wit hoefolle kninen dêr streupt wurde.

### Rêdingsboaten

Om te foarkommen dat yn wrakke boatsjes mei ûnbetroubere skippers de reis weage waard, mocht de parse mei de speedboaten fan 'e rêdingsmaatskippij oerset wurde. Mânske rubberboaten mei radar, in 200 pk motor en in topsnelheid fan 75 km yn 'e oere. Foar de stoere skippers wie de besetting fan it eilân sa in moaie ôfleiding. Gewoanwei lizze hja har yn 'e treasteleaze Eemshaven mar wat te ferfelen. Wachtsjend op alarmberjochten. No koenen hja mar raak skeure. As sieten hja op 'e brommer. Grappich, sa't yn manlju fan oer de fyftich it aard fan in sechstjinjierrige kreidler-ridder boppe komt. ,,Sille wy noch even Borkum om?''
Sneontemiddei wie foarearst de lêste oertocht. Dêrmei kaam it totale oantal passazjiers op in lytse sechstich. ,,Dy fan 'e NCRV kamen wol mei seis man oansetten''.



*Neffens goed Rottumereager tradysje bringe Hindrik en Janny Toxopeus de besite dat in eintsje út en weauwe fan har sylskip Amazone 'bye bye'.*



*Hindrik Toxopeus stoppet de piip en seit: ,,Sjoch, dit is Rottumereach".*



*De mannen fan 'e K.N.Z.H.R.M. hawwe oan alles tocht: sels oan it kratsje bier foar de sneonteijûn.*

# *FRYSK EN FRIJ*